

Parseberjochten

1.

‘t Is Feest yn it seisde programma fan it duo Klún & Knoffelhakke

Yn it lytse doarpke **Prottestum**, earne yn Fryslân, stiet de boel op 'e kop! De pleatslike feestkommisje fiert harren 15 jierrige jubileum en dat moat in hiel grut feest wurde! Mar de tariedingen geane net sa soepel. De iene wol dit en de oare wol dat, wol as gjin flachjes, feestpeallen as fersiering yn 'e tún. Kin dat net ris oars? It is ek hast alle kearen itselde. En dan altyd en ivich dat smoarge jild. Lokkich nimme Joop & Joop, fan it recycling bedriuw mei deselde namme, de sponsoring fan it feest op harren. Mar oft dit wol sa'n lokkige kar is...

Ek mei dit fleurige programma wolle Klún & Knoffelhakke der wer in healwize sjo fan meitsje. Dat dit fêst slagje sil, docht wol bliken út it grut tal oanfragen foar dit duo út it noarden fan Fryslân. Al 15 jier soargje Klún & Knoffelhakke foar in protte fleurige jûnen. Dy **15 jier** hat mei ynspirearre ta dit **feestlike** seisde programma!

2.

Kabaretduo: Klún & Knoffelhakke

Programma ‘t Is FEEST! wurdt spile fan: 20010 o/m 2012

Utkeapsom: Op oanfraach

Boekingen: 0519-571810

Ynternet: www.klun-knoffelhakke.nl

Omskriuwing:

It duo Klún en Knoffelhakke bestiet út de spilers Broer Douma en Hendrik van der Heide út Hantum.

Sûnt 1994 binne se op 'n paad mei harren jûnsfoljende programma's en dat slacht oan, want Klún en Knoffelhakke binne alle wiken wol earne op in poadium te finen. Sa stadichoan komt it duo troch hiel Fryslân en oeral is it fleurich en gesellich!

De programma's fan Klún en Knoffelhakke litte harren it bêste omskriuwe as typkeskabaret, wêryn it publyk ek net fergetten wurdt. Klún en Knoffelhakke besykje der in sjo fol mei nuvere typkes en frjemde foarfallen fan te meitsjen. Al dy frjemde fûgels ha op ien of oare wize te krijen mei in nuveraardich ferhaal, in reade tried, dy't Klún en Knoffelhakke altyd yn harren foarstelling besykje te stopjen.

It duo hat eins mar ien doel: de minsken in noflikke jûn besoargje!